

Wibren Altena - in swalker yn 'e geast

troch Bennie Huisman



tekening: Frans Faber



Lit my heech oer alles hinne
Los fan d'ierde, ivich frij
Kalm op sinneljochte wjukken
Fleane, wylde swan, as dy.
Lit my troch de ûnwaarskloften
Fan 'e tiid myn wjukken slaan
En mysels yn hege loftten
Oan myn langsten finzen jaan.



In tige nijsgjirrige, boartlike én muzikale foarstelling oer de Makkumer dichter en foardrachtskeunstner Wibren Altena (1917-1987). Dy publisearre al foar de oarloch syn earste gefoelige en filosofyske fersen. Tsien jier letter luts er yn Fryslân folle sealen mei syn mear dan aparte satiryske en humoristyske foardrachten, dêr't de **Ballade fan Longerhou** hast wol de bekendste fan is.

Yn 1956 ferhuze er nei Rotterdam en hy die de doar nei syn eardere bestean achter him ticht. De foarstelling is basearre op it boek dat Bennie Huisman oer him skreau.

*Lieten, libbensferhalen & brike foardrachten
fan en oer in dichter, foardrager & taalkeunstner
mar ek in apart man, dy't it net rjocht fine koe*